

## 50 jier doarpshûs yn It Heidenskip

Yn de notulen fan Doarps- en Streekbelang wurdt yn maart 1956 foar it earst oer in doarpshûs skreaun. 'Vervolgens wordt besproken om een dorpswuis te stichten. Men heeft het oog laten vallen op het veel te grote schoolhuis. Volgens J.S. van der Wal is er al een mogelijkheid om daar subsidie voor te krijgen, men zegt zelfs van 75 %. Overleg met het schoolbestuur is noodzakelijk.' Yn july en septimber fan dat jier freget master Warnar oft der al mear bekend is, mar 'volgens notaris Niemandsverdriet in Workum zou dat veel te duur worden', skriuwt de notulist. 'Men schrikt tegenwoordig van de hoge kosten en hoe zal men een dergelijk gebouw exploiteren', stiet der yn de notulen fan april 1957.

Mar it hâldt it bestjoer wol dwaande. Der waard altyd fergadere yn de konsistoarje fan it tsjerke of it gymnastyklokaal fan de skoalle, mar dizze lêste mooglikheid komt yn 1958 te ferfallen. Dus wurdt der kontakt opnommen mei provinsje en gemeente om te hifkjen wat de mooglikheden binne. Der moat in plan komme en de gemeentelike architekt wurdt oan it wurk setten. It bestjoer besjocht oare doarpshuzen foar maten en ynventaris en op 29 maaie 1959 kinne de plannen foar in doarpshûs foarlein wurde oan dhr. De Jong fan it 'Departement Maatschappelijk Werk' (it Ryk) yn Ljouwert.

It duorret noch wol efkes foardat de kûgel troch de tsjerke is en it bestjoer giet fan Ljouwert nei de gemeenten en wer werom mei plannen en begruttings. Alle bewenners en ferienings wurde oanskreaun en der komt in grutte ynsameling. Twa wike letter is der al fl. 6.150,- binnen. De frouljusferiening 'Helpt Elkander' hellet mei in bazar en oare aksjes ek nochris fl. 1.600,- op.

Op 19 febrewary 1960 kriget dhr. De Jong in stichtingsakte, subsydzjeoanfraach, exploitatierekkening en finansieringsrapport. In pear dagen earder is by notaris Niemandsverdriet de akte fan de Stichting Dorpswuis Heidenskip passearre. It stiftingsbestjoer bestiet út de bestjoersleden fan Doarps- en Streekbelang: K. Westra, R. Hoekema, J.S. v.d. Wal, M.A. Brandsma, J.L. Kampen, D. Stellingwerf, E. v.d. Gaast. Op 21 april 1960 wurdt it âlde skoallehûs oerdroegen oan de stichting en kin it wurk los.

Yn desimber komt dhr. De Jong op besite en sjocht syn eagen út. 'Mijnheer De Jong stond versteld zo'n hoogst modern gebouw het is geworden.' Foar de oanklaaiing wurdt de help fan de frouljusferiening ynroppen en oeral wurdt ynventaris weihelle. Sa komme der sels in pear tafels en stuollen út it bûnsgebou fan de Coöperatieve Zuivelfabrieken.

Op 28 febrewary 1961 is it feest. 'Een dorp dat leeft bouwt aan zijn toekomst' stiet yn de krante. Der binne in protte 'hoogwaardigheidsbekleders' fan Ryk, Provinsje en gemeenten en de nije seal sit fuort fol. De 200 besikers kinne net allinne it nije doarpshûs bewûnderje, mar ek in keunstlik fan doarpsgenoat Marten Groenhof. Hy hat in prachtich dekor skildere dat de minsken neffens de krante stil makke fan bewûndering.

### It behear

Nei dizze feestlikheden komt eins it echte wurk: it doarpshûs moat beheard wurde. Op de earste gearkomst fan it bestjoer yn de bestjoerskeamer fan it nije doarpshûs wurde de konsumpsjeprizen fêststeld: Kofje fl. 0,30; limonade fl. 0,25; bier per flesje fl. 0,50; rivella fl. 0,50; Frico fl. 0,50; sinas fl. 0,50; coca cola fl. 0,40; thee fl. 0,30. Itte Groenhof wurdt behearster. Dan is it tiid om út te rêsten. 'Men bleef noch in tijdje bijeen om zich nog eens rustig de afgelopen tijdrek voor de totstandkoming van dit dorpswuis in zich om te laten gaan.' Want drok wie it west: yn it fergaderseizoen 1960-1961 wine se 23 kear byinoar west foar fergaderingen en oare saken, sa as de elektrifikaasje. Want ek dat gie troch.

De brûkers ha sa harren eigen winsken. 'Dan komt het verzoek van de zangvereniging om als de stichting een piano van plan is aan te schaffen dit nu binnenkort te doen om reden dat het orgeltje van de zangvereniging hopeloos op eind is. Maar men heeft nog geen plannen', stiet yn de notulen fan 11 desimber 1961.

It falt net ta om de holle boppe wetter te hâlden. Yn 1965 wurdt it plan oppere om de souder te ferhieren oan in sylkamp en in sylkamp hat sels belangstelling foar it hiele doarpshûs foar 8 wiken, mar dat giet it bestjoer te fier. 'De financiële voordelen waren zeer aantrekkelijk, maar het bestuur achtte het niet verantwoord om voor zo lange tijd het dorpswuis aan de gemeenschap te onttrekken.' In grutte ferlotting mei 2500 lotten en grutte prizen (radio, centrifuge en kofjesetapparaat) jout wer wat lucht en der komt elts jier ek jild binnen út de skieppeweiderij en de jachtfjilden. Ek giet it bestjoer elts jier mei in list by de bewenners del.

Yn 1971 komt der sintrale ferwaarming en hjir is foaral Dick v.d. Veen, sûnt 1966 de behandler, tige wiis mei. Fan 1976 oant 1982 is Paul Andela út Warkum de behandler.

Ein jierren '70 wurdt de wisk om in grutter doarpshûs hieltyd grutter. In gymseal foar de skoalle mei in fergoeding foar de gymlessen leit oan de basis fan de bouplannen dy't de boukommisje útwurket. Eask foar subsydzje is wol dat it doarp sels ek in ton bydraacht en dêrom wurdt der aksje fierd. De 'ton' komt der yn de foarm fan giften en lieningen en sa kin de oanbesteging trochgean. De totale kosten fan ferbou en ynrjochting komme op dik fl. 590.000,-.

### It Swaigat

Op 30 septimber 1982 wurdt it doarpshûs feestlik weriepene en kriget it ek in namme: it Swaiegat. De fernijing giet fjirder dan allinne it gebou. Der komt in eigen behearskommisje dy't los stiet fan Doarps- en Streekbelang. Foarsitter is Lambertus Brandsma en fjirder sitte hjir noch yn Libbe Tjalma (sûnt 1965 al ponghâlder), Siebe J. van der Wal, Sytse Jorritsma en Uiltje Wiersma. It algemien bestjoer bestiet út fertsjintwurdigers fan de Heidenskipster ferienings. De behearbers wurde Botte en Ans Oudekerken (tiisdei, woansdei en tongersdei) en Siebe en Tryntsje Tjalma (moandei, freed en sneon). Mebius en Renske Smeding nimme dit yn 1985 fan harren oer en yn 1989 komt Froukje Wiersma wer foar harren yn it plak.

De grutte seal bringt nije mooglikheden en yn gearwurking met de fierljeppers wurde der dûnsjûnen organisearre. Der wurdt fuort heech ynsetten mei groepen as Jen Rog, Piet Veerman en de Havenzangers. Ek Tryater komt faak del, mar dat fynt net eltsenien in sukses: 'Verder is gevraagd of het stichtingsbestuur niet een zekere censuur kan uitoefenen op toneelstukken die Tryater hier in het dorps huis gaat uitvoeren. Dit naar aanleiding van het laatst gespeelde toneelstuk waarin een naaktscène voorkwam waaraan enkelen zich hadden geërgerd.'

Fjirder jouwe de notulen foaral in byld wat der by it draaien fan in doarpshûs komt te sjen. Op fersyk fan de behearbers komt der yn 1987 in ôfwaskmasine, der wurdt praat en neipraat oer in reuny ('Er was wat teveel soep en er zaten wat te weinig ballen in') en it skilderwurk wurdt ferdield ûnder de ferskate ferienings. Der moatte hiel wat beslissings nommen wurde, bygelyks oer de koek by de kofje. 'Het bestuur gaat er niet voor omlijgen en eet de man nog drie proefkoeken. De beslissing is dat de luxe (handgebakken) koek de voorkeur verdient.'

## **Froulju**

Yn 1990 is der in lytse revolúsje yn de behearskommisje: der komme foar it earst froulju yn en wol Richtsje Noordenbos en Pytsje Kampen. Se litte harren ek jilde, sa blykt út de notulen fan 14 desimber 1993: 'Pytsje Kampen wil tijdens oudejaarsnacht en het Nieuwjaarsbal gelijke rechten voor zowel man als vrouw. Cor Buma komt zodoende achter de fris, Eelco v.d. Werff wordt bakker en Pytsje komt achter de tap!'

De gearkomsten ferrinne soms mar nuver. 'Plotseling krijgt onze voorzitter Sibe Joles van der Wal kramp in de spieren aan de achterzijde van beide bovenbenen en moet de rondvraag tijdelijk onderbroken worden. Na enige tijd als 'in Frysk hynder' om de biljarttafel getuigd te hebben gaat de kramp weer over, zodat de rondvraag hervat kan worden', skriuwt notulist Gerrit Twijnstra yn oktober 1991.

De fierljeppers organisearje net allinne de dûnsjûnen, mar ek de Nederlânske Fierljepmanifestaasje (NFM) dy't eltse simmer in protte ljeppers en publyk lûkt. Op 27 juny 1992 wurdt der ek in grut 'midzomernachtfeest' hâlden mei Annie Schilder, Arne Jansen en Hollywood Boulevard en ek dat freget in protte oerlis en organisaasje. It sukses fan de dûnsjûnen begiet wat werom te rinnen: de fertsjinsten fan de lêste twa yn 1992 wie in daalder en hielendal neat. 'Miskien moatte we wol driigje mei sluting, zegt de voorzitter, dan komme der op feestjûnen miskien wer wat mear minsken.' De feestjûnen geane lykwols noch wol troch. Nammen dy't faak opdûke yn de notulen binne 'Wild Power', 'Deadline' en 'Friends'. Klappers binne de optredens fan PigMeat en it optreden fan De Kast yn 1996. Simmers is der 'Swaiepop', as ferfolch op it midzomernachtfeest.

En sa giet it troch, mei elts jier in pear dûnsjûnen, saken dy't opknapt of oanskapt wurde moatte, brulloften, jubilea, doarps- en oare feesten en sa mear. En fansels de fierljepwedstriden en NFM. Yn de simmer fan 2000 is de grutte reuny in sukses, mar de dûnsjûnen rinne dan op syn ein. Nije aktiviteiten komme der ek, sa as 'Silverweekend' en de playbackshow fan Disco Silver. Yn 2002 trouwe prins Willem Alexander en Maxima en se hâlde harren resepsje yn it Swaiegat. It hiele doarp is útrûn en makket der in moai feest fan.

## **Opnij bouwe**

It Swaiegat kriget ek te krijen mei strangere easken sa as dy foar gelûdsoerlêst. Om hjiroan te foldwaan, moat it dak isolearre wurde. Der binne lykwols mear saken dy't fernijd wurde moatte, sa as de flier fan de gymseal, de dûsen en fergaderseal. In boukommisje giet mei alle winsken oan de gong en yn 2002 ûndergiet it doarpshûs in grutte ferbouwing. De gemeente betellet in part fan de gelûdsisolaasje en ek de Provinsje en it Juliana Welzijns Fonds springe by. Op 4 oktober 2002 is de weriepening.

Der bliuwt lykwols noch wol in winsk oer, sa wurdt ek dúdlik yn de doarpsfysje fan It Heidenskip dy't yn 2006 presintearre wurdt: in soart 'brún kafee' wêr't je gesellich in jûn sitte kinne. Dêrom wurde der yn gearwurking mei Gradus Miedema en Siebe Tjalma ideeën útwurke foar in bar en dy komt der in jier letter ek. Ek de keuken wurdt troch beide boufakkers opknapt.

Yn 2006 nimt Els van der Werff it wurk as behearder oer fan Botte en Ans Ouderkerken. Yn dit jier is der ek wer in reuny, mar dit kear mei in 'sturtsje' foar de Heidenskipsters en frijwilligers: de opfiering fan it teaterstik 'Achter santjin hikken' lûkt in protte publisiteit en besikers nei It Heidenskip en dy wolle fansels allegear ek wat ite en drinke. Twa jier letter, yn augustus 2008, stiet It Heidenskip opnij op de kulturele kaart. Dan wurdt der yn it ramt fan it Frysk Festival op de Hofmar it spektakel 'Rite fan Wetter' opfierd en ek dit lûkt wer in protte minsken dy't fansels wer ite en drinke wolle. In protte wurk foar de frijwilligers, mar ek in moaie ynstruier foar it Swaiegat.

Yn 2010 wurdt it projekt 'Kearn fan it doarp' útfierd. Der komt bettere parkeargelegenheid en it fierljepterrein kriget in opknappbeurt. Foar de behearskommisje is foaral de bou fan in nij 'hokje' in grutte foarútgong. Dizze kiosk kriget de namme 'Jitris' en makket it wurk by fierljepwedstriden en eveneminten op it terrein foar de frijwilligers in stik noflikker.

## **Feest**

En sa giet de tiid troch en freget Gerrit Twijnstra yn 2011 oft der ek in feestje komt. No, wêrom dan, freegje de kommisjeleden harren ôf, en se dûke de argiven yn. It docht bliken dat it doarpshûs 50 jier bestiet en dêrom beslute se om dit mei it hiele doarp te fieren. De tiid yn 2011 wurdt wat krap en dêrom wurdt it feest nei 2012 helle. Op sneon 11 february sil dit wêze.

It Heidenskip, jannewaris 2012

Ida Hylkema (notulist behearskommisje)